

DE REBEL

Joseph Roth

De rebel

Oerset út it Dútsk troch Fedde Douwes Dijkstra

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân

© 2022 oersetting Fedde Douwes Dijkstra | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing omslach Jelle F. Post

Foarmjouwing binnenwurk Robert Seton

Printwurk Wilco, Amersfoort

ISBN 978 90 5615 991 7

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

HAADSTIK I

De barakken fan it militêr sikehûs nûmer XXIV leine oan de râne fan de stêd. Fan de lêste tramhalte nei it sikehûs wie it foar ien dy't sûn is in healoerke flink trochstappen. De trambaan wie de ferbining mei de wrâld, mei de grutte stêd, mei it libben. Mar de bewenners fan militêr sikehûs nûmer XXIV koene net by de einhalte fan de tram komme.

Se wiene blyn of lam. Se krukten. Se hiene in stikken-sketten rêchbonke. Se wachten op in amputaasje of hiene al in amputaasje hân. Fier efter harren lei de oarloch. Fergetten wiene de stoarmbaan, de sersjant, de kaptein, de marskompanjy, de aalmoezenier, de jierdei fan de keizer, de soldatehap, it mangat graven, de oanfal. Hárren frede mei de fijân wie besegele. Se makken har al klear foar in nije striid: tsjin de weagen fan pine, tsjin de protezen, tsjin de lamme lidden, tsjin de kromme rêgen, tsjin de sliepeleaze nachten, en tsjin de sûnen.

Allinne Andreas Pum wie mei de rin fan it libben tefreden. Hy hie in skonk ferlern en in ûnderskieding krigen. In soad oaren hiene gjin ûnderskieding, hoewol't se mear as allinne in skonk kwyt wiene. Se wiene earm- en skonkleas. Of se moasten altyd op bêd lizzen bliuwe, om't it rêchmoarch oan smots wie. It die Andreas Pum goed, as er de oaren sa lijen seach.

Hy leaude yn in rjochtfeardige God. Dy ferparte stikene rêchbonken, amputaasjes, mar ek ûnderskiedingen, al nei fertsjinst. As je der goed oer neitochten, wie it ferlies fan in skonk net al te slim, en it gelok om in ûnderskieding te krijen hiel grut. In ynfalide koe op de achtinge fan de wrâld rekkenje. In ûnderskieden ynfalide op it regear.

It regear is eat dat oer de minske steld is, lykas de himel oer de ierde. Wat fan dy kant komt, kin goed of kwea wêze, mar altyd is it grut en oermachtich, ûnbegrepen en net te befetsjen, en tagelyk foar gewoane minsken gauris fansels-sprekkend.

Der binne kammeraten dy't op it regear skelle. Neffens harren wurdt har oanienwei ûnrjocht oandien. As soe de oarloch net in needsaaklikheid wêze! As soene pine, amputaasjes, hongere en lijen dêr net it logyske gefolch fan wêze moatte! Wat woene se dan? Se hiene gjin God, gjin keizer, gjin heitelân. It moasten wol heidenen wêze. 'Heidenen' is it bêste wurd foar lju dy't har tsjin alles ôfsette wat fan it regear komt.

It wie in waarme snein yn april, Andreas Pum siet op ien fan de wite rûchhouten bankjes dy't midden op it gersfjild foar de barakken fan it sikehûs delset wiene. Op hast elk fan dy bankjes sieten wol twa of trije refalidanten by elkoar te praten. Allinne Andreas siet apart en hy glimke om de oantsjutting dy't er foar syn kammeraten betocht hie.

It wiene heidenen, lykas minsken dy't foar meinede of foar dieverij, deaslach of sels rôfmoard yn it tichthûs sieten.

Wêrom diene minsken sokke dingen, stelle, deadzje, rôvje, desertearje? Om't se heidenen wiene.

As immen op dit stuit Andreas Pum frege hie wat heidenen binne, dan hie er antwurde: bygelyks lju dy't yn it gefang sitte, mar ek dejingen dy't se tafallich noch net te pakken krigen hawwe. Andreas Pum wie der tige wiis mei, dat him dy 'heidenen' yn it sin kommen wiene. Dat wurd foldie him, it lei it near op al syn omheech kringeljende fragen en joech antwurd op in soad riedsels. It ûntslöch him fan de ferplichting fierder nei te tinken en him yngeand yn oare lju te ferdjipjen. Andreas wie bliid mei dat wurd. It joech him tagelyk ek it gefoel fan superieurens oer de kammeraten dy't op de bankjes sieten te swetsen. Guon hiene slimmere ferwûningen, mar gjin ûnderskieding. Hiene se it der net nei makke? Wêrom sieten se te skellen? Wêrom wiene se ûntefreden? Sieten se yn noed oer har takomst? As se yn har obsternatens hingjen bleaune, hiene se alle reden om oer har takomst yn te sitten. Se wiene ommers har eigen grêf oan it dollen! Hoe soe it regear him drok meitsje om syn fijannen? Op him lykwols, op Andreas Pum, soe it wol goed passe.

En wylst de sinne oan de wolkenleaze himel mei faasje nei har hichtepunt stribbe en aloan warmer en simmersker waard, tocht Andreas Pum nei oer de kommende jierren fan syn libben. It regear hat him in postkantoarke tabetocht, of in baantsje as túnplysje yn in skaadryk park of suppoast yn in koel museum. Dêr sit er, mei syn medalje op it boarst spjelde, soldaten groetsje him, inkeldris jout in generaal

him yn it foarbygean in skouderklopke, en de bern binne suver wat bang fan him. Mar hy docht se neat, hy tinkt der allinne om dat se net op it gers komme. Of de minsken yn it museum keapje by him in katalogus of wat keunstkaarten, en dan sjogge se him net as in sljochtweihinne ferkeaper, mar as in amtner. Wa wit treft er ek noch ris in widdo, sûnder of mei in bern, of in âldfaam. In goedbetochte ynfalide mei in pensjoen is gjin minne partij, en fan manlju is nei de oarloch wol ferlet.

It skelle klingeljen fan in klokje rôle oer it gers foar de barakken en kundige it middeisiten oan. De ynfaliden kamen mei muoite oerein en wjukkelen, oan elkoar hingjend, op de lange houtene itensbarak ta. Andreas krige hastich en beret syn omfallen kruk op en sette efter syn kammeraten oan, mei it doel harren yn te heljen. Hy leaude net rjocht oan harren pine. Hy hie sels ek genôch te lijen. Mar likegoed, sjoch ris hoe rap er wêze kin, as it klokje ropt!

Fansels hellet er se yn, de lammen, de blinen, de mannen mei de kromme rêchbonken, dy't it boppelichem sa foaroer drukt is, dat it as in rjochte streek lykop rint mei de grûn dêr't se oerhinne bewege. Se roppe Andreas Pum nei, mar hy wol se net hearre.

Der wie al wer hjouwerengrôt, lykas alle sneinen. De pasjinten werhellen, wat se wenst wiene op snein te sizzen: hjouwerengrôt, dat is gjin iten. Mar Andreas tocht der oars oer. Hy brocht de panne oan de lippen en dronk it lêste bytsje op, nei't er mei de leppel noch in pear kear fergees fiske hie. De maten seagen dernei en folgen doe skruten

syn foarbyld. Hy hâlde de panne in skoftke foar de mûle en seach mei in skean each oer de râne nei syn kammeraten. Hy stelde fêst dat it harren bêst smakke en dat har praatsjes oars net wiene as oanstellerij en grutspraak. It binne heidenen! – gniisde Andreas en hy sette de panne del.

It protsje drûge griente, dat de oaren as ‘stikeltried’ beeamden, foldie him wat minder. Mar hy iet syn pantsje leech. Dat joech him it foldiene gefoel in plicht dien te hawwen, as hied er in rustich gewear glêd poetst. It spiet him suver dat der net in ûnderoffisier kaam om it itensark te ynspektearjen. Syn panne wie skjin, like skjin as syn gewisse. In sinnestriel foel op it porslein, en it glânzge deroer. Dat wie op te fetsjen as in offisjeel kompliment út ’e himel.

Dy middeis wie de al lang oankundige besite fan prinsesse Mathilde, yn in ferpleechstersunifoarm. Andreas, dy’t op syn ôfdieling it keamerkommando hie, stie yn ’e hâlding by de doar. De prinsesse joech him in hân, en sûnder erch makke er in bûging, hoewol’t er him foarnommen hie stiif yn ’e hâlding te bliuwen. Syn kruk foel op ’e grûn, de begeliedster fan prinsesse Mathilde bûgde foaroer en krige him op.

De prinsesse stuts wer ôf, mei efter har oan de haadsuster, de haaddokter en de preester. ‘Ald sekreet!’ sei in man by de twadde rige bêden. ‘Beskamsum!’ rôp Andreas. De oaren laken. Andreas waard poer. Hy joech it befeel: bêden yn oarder meitsje, hoewol’t alle tekkens skjin en neffens foarskrift trije kear opteard te plak leine. Net ien ferroerde him. In pear begûnen in piip te stopjen.

Doe kaam korporaal Lang nei foaren, in yngenieur, dy't de rjochterearm miste en foar wa't ek Andreas respekt hie, en dy sei: 'Meitsje dy net sa drok Andreas, wy binne allegear earme stakkerts!'

It foel hielendal stil yn de barak; allegear seagen se nei de yngenieur, Lang stie foar Andreas en naam it wurd. Net ien wist oft er it tsjin Andreas hie, of tsjin de oaren, of miskien ek wol allinne tsjin himsels. Hy seach ta it rût út en sei: 'Prinsesse Mathilde sil hiel tefreden wêze. Sy hat ek in swiere dei hân. Want der binne, moatte jim rekkenje, al mear sikehuzen as prinsessen en mear pasjinten as sûne minsken. Ek de sabeare sûnen binne siik, allinne witte de measten it net. Wa wit wurdt der gau frede sluten.'

In pear moasten efkes kielskrabje. De man op 'e twadde rige, dy't earder 'âld sekreet' sein hie, hoaste lûd. Andreas hinkele nei syn bêd, krige fan de planke by it hollenein in pakje sigaretten en rôp de yngenieur derby. 'In bêste sigaret, doktor,' sei Andreas. Hy neamde de yngenieur 'doktor'.

Lang prate as in heiden, en tagelyk as in geastlike. Faaks om't er sa geleard wie. Mar altyd hied er gelyk. Men hie oanstriid him tsjin te sprekken, mar men koe gjin arguminten fine. Hy moast wol gelyk hawwe, as je him net tsjinsprekke koene.

Dy jûns lei de yngenieur op bêd, mei de klean oan, en hy sei: 'As de grinzen wer iepen binne, reizgje ik fier fuort. Dan is der yn Europa neat mear te heljen.'

'As wy de oarloch mar winne,' sei Andreas.

‘Allegear sille se him ferlieze,’ andere de yngenieur. Andreas Pum koe it net folgje, mar hy jaknikte earnstich, as moast er Lang wol gelyk jaan.

Fan syn kant wie hy fan doel yn it lân te bliuwen en keunstkaarten te ferkeapjen yn in museum. Hy begriep ek wol, dat der foar geleard folk grif gjin plak wie. Moast de yngenieur faaks parkwachter wurde?

Andreas hie gjin famylje. As oaren besite krigen, rûn hy derút en lies er in boek út de sikehûsbibleteek. Hy hie al geregeld hast safier west dat er trouwe soe. Mar om’t er bang west hie dat er te min fertsjinne om in húshâlding te ûnderhâlden, hie er it net oandoard om kokkinne Anni, naaister Amalie of bernefaam Poldi in oansyk te dwaan.

Hy hie mei alle trije allinne ‘skarrele’. Syn berop wie oars ek net geskikt foar jonge froulju. Andreas wie nachtwachter by in houtopslach bûten de stêd en hie mar ien kear wyks frij. Syn jaloerske aard soe him it rêstige geniet fan in sekuer útfierde tsjinst fersteurd of sels ûnmooglik makke hawwe.

In pear leine al te sliepen en te snoarkjen. Yngenieur Lang lies. ‘Sil ik mar ôfljochtsje?’, frege Andreas.

‘Ja,’ andere de yngenieur en hy lei it boek oan ’e kant.

‘Goenacht, doktor,’ sei Andreas. Hy draaide it ljocht út. Yn it tsjuster die er de klean út. Syn kruk stie tsjin de muorre oan de rjochterkant.

Andreas tinkt, ear’t er yn sliep rekket, oan de proteze dy’t de haaddokter him tasein hat. It sil in poerbêste proteze wêze, sa’nent as kaptein Hainigl hat. Je sjogge net iens

dat er in skonk mist. De kaptein rint samar sûnder stôk troch de keamer, as wie ien skonk allinne justjes koarter. Protezen binne in geweldige útfining fan de hege hearen, fan it regear, dat net op in pear sinten sjocht. Je kinne net oars sizze.

HAADSTIK II

De proteze kaam net. Yn stee dêrfan kaam de disoarder, de ûndergong, de revolúsje. Andreas Pum bekaam earst nei twa wike wer wat, nei't er út de kranten, de foarfallen en de ferhalen fan de minsken begrepen hie, dat ek yn republiken in regear oer it lot fan de naasje beskikt. Yn de grutte stêden waard sketten op de opstannelingen. De heidenske Spartakisten woene har net deljaan. Nei alle gedachten woene se it regear ôfsette. Se hiene gjin weet fan wat dêr achterwei kaam. It wiene duvels of domkoppen, se waarden deasketten, se krigen wat har takaam. Gewoane minsken moatte har net mei de oangelegenheden fan ferstanninge lju ynlitte.

Der waard in medyske kommisje ferwachte. Dy soe beslute oer de takomst fan it hospitaal, oer de mjitte fan arbeidsûngeskiktens, oer de soarch foar de pasjinten. It praat, dat oerwaaide út oare sikehuzen, wie dat allinne de trilders bliuwe soene. Alle oaren krigen jild en mooglik in fergunning foar in draaioargel. Soks as in postkantoorke of in oppasbaantsje yn in park of in museum wie net oan 'e oarder.

It begûn Andreas te begrutsjen dat er net in trilder wie. Under de hûndertseisenfyftich pasjinten yn militêr sikehûs XXIV wie der mar ien dy't trille. Dat koene de oaren mar min sette. It wie in smid, Bossi hjitte er, fan Italjaansk

komôf, swartkop, breed postuer, ûnhuer. It hier hinge him yn bosken boppe de eagen en drige oer it hiele antlit fierder te krûpen, de smelle foarholle te oerwoekerjen en, de wangen oergroeiend, oansluting te finen by it wylde burd.

De sykte fan Bossi makke syn reuseftich foarkommen neat mylder, allinne mar aakliker. De smelle foarholle tearde byinoar en waard hielendal wei tusken de boarstelige wynbrauwen en de hiergrins. De griene eagen skeaten nei foarren, it burd skodde, je hearden de tosken klapperjen. De mânske skonken lutsen krûm, sadat de knibbels no ris tsjin inoar batsten en dan wer fan inoar wykten, de skouder skokten omheech en foelen wer del, wylst de enoarme kop oanienwei like te neeskodzjen, sa't je dat wol sjogge by teare holtsjes fan âlde wyfkes.

It sûnder ophâlden bewegen fan it lichem makke it de smid ûnmooglik fersteanber te sprekken. Hy stammere heale sinnen, spijde ris in los wurd út, hâlde him in skoft stil en besocht it dan op 'e nij. Dat sa'n mânske, sterke keardel sa trilje moast, makke dat de algemien bekende sykte noch helte slimmer like as dat er wie. Elk dy't de beevjende smid seach, fiede in weach fan begrutsjen. Hy wie as in wankeljende kolos op weake grûn. Elk hâlde de siken yn om't er der samar hinne falle koe, mar dat barde net. It wie net te befetsjen dat in minske fan dit formaat mar hinne en wer swaaide, sûnder dat er úteinlik, ta ferromming fan himsels en alles om him hinne, útinoar foel. Sels de ûngelokkichste ynfaliden, dy't in stikkensketten rêchbonke hiene, waarden by Bossi yn 'e buert aaklike kjel,

sa't je je fiele kinne foar in katastrofe, dy't mar net oanbrekke wol al soe it foar elk in útkomst wêze.

Wa't him seach, fielde oanstriid him te helpen, en tagelyk de ûnmacht dêrta. Pynlik wie it ynsjoch dat je neat foar him dwaan koene, beskamjend ek. Je soene fan skamtesels wol trilje wolle. De sykte gie oer op wa't dernei seach. Uteinlik rûnen je fuort, je mijden him, en koene dochs it byld fan dy skodzjende reus net kwyt wurde.

Trije dagen foardat de kommisje komme soe, rûn Andreas de barak fan Bossi yn, dêr't er altyd by wei bleaun wie. Tweintich lammen en oardelpoaten sieten om de smid hinne en beseagen him yn stil begrutsjen. Faaks hopen se dat syn triljen har oanstekke soe. Yn alle gefallen fernaam dan de iene en dan de oare in skerpe skoat yn knibbel, earmtakke of pols. Se woene it foar elkoar net witte. In pear naaiden stikem út en besochten te triljen sadree't se efkes op harsels wiene.

De erchtinkende Andreas, dy't om hokfoar reden dan ek it mier hie oan Bossi, twivele earst oan de man syn sykte. In nidigens oerfoel him, en doe in bitterens oangeande it regear, dat krekt de trilders yn 'e mjitte komme woe en de oaren net. Foar it earst waard er by himsels in djip besef gewaar fan de ûnrjochtfeardigens fan dejingen dy't it foar it sizzen hawwe. Ynienen fernaam er dat him de spieren oanspanden, de mûle ferluts, it rjochter eachlid begûn te triljen. In fredige skrik kaam oer him. Hy krukke derhinne. Syn spieren saksearren. It eachlid joech him wer del.

Hy koe net yn 'e sliep komme. Yn it tsjuster die er de klean oan, en sûnder kruk, om net ien wekker te meitsjen,

mei de hannen delset op it hollenein fan it bêd en op 'e tafel, slingere er syn skonk ta it finsterbank yn en hyste er it boppelichem der efteroan. Hy seach in part fan it nachtlke gersfjild en it glinsterjende, wytferve traaljstek. Langer as in oere stie er dêr sa en hy tocht oan in draaioargel.

It is in glânzjende simmermiddei. Andreas stiet op it hiem fan in grut hûs, yn it skaad fan in âlde, wide beam. In line sil it wêze. Andreas draait oan de slinger fan syn muzykkast en spilet: 'Ik had een wapenbroeder'. Of 'Dêr by de homeie'; of it folksliet. Hy hat it unifoarm oan. It earekrús is der opspjelde. Ut alle iepene ruten fleane muntstikken op him ta, ynpakt yn floeipapier. Je hearre it sêfte metalen lûd fan it delkommende jild. Der binne bern. Tsjinstfammen hingje oer de balustraden. Dat soks gefaarlik is deart harren net. Andreas spilet.

De moanne kaam boppe de boskrâne út, foar de barak oer. It waard ljocht. Andreas wie bang dat syn maten him sa sjen koene. Hy woe net yn it feale ljocht fan de moanne stean. Hy slingere him wer op bêd.

Twa dagen lang wie er stil en yn himsels.

De kommisje kaam. Elk waard der apart yn roppen. In man stie by it foarkleed dat de kommisje út it sicht fan de wachtsjende ynfaliden hold. De man skode alle kearen it kleed fansiden en boldere in namme. Alle kearen makke in breklike figuer him los út de rige mei de oaren, stommele, hinkele, krukke en ferdwûn efter it gerdyn.

De beoardielde ynfaliden kamen net werom. Se moasten de seal troch in oare doar wer út. Se krigen in briefke mei

en giene dan nei de barak, pakten har guod by elkoar en skarrelen nei it einstasjon fan de tram.

Andreas wachte tusken de oaren, hy naam gjin diel oan harren flústere konversaasje. Hy swijde, as ien dy't himsels net ferriede wol en dy't bang is dat ien lyts wurdse him derta ferliede kin syn grutte geheim priis te jaan.

De man skode it gerdyn fansiden en smiet de namme Andreas Pum de seal yn. In kear as wat tikke Andreas syn kruk op de flier, it lûd galme yn de stilte dy't fallen wie.

Ynienen begûn Andreas te rydboskjen. Hy seach de foarsitter fan de kommisje, in hege offisier mei in goudene krage en in ljocht burd. Burd, antlit en unifoarmkrage rûnen yn inoar oer ta ien gehiel fan goudgiel en wyt. Immen sei: 'Alwer in trilder.' De kruk dy't Andreas beethie begûn út himsels oer de flier te dûnsjen. Twa klerken kamen gau oerein om Andreas op te heinen.

'Fergunning!' oardere de stim fan de hege offisier. De klerken planten Andreas op in stoel del en setten har hastich ta it wurk. Dêr hingen se al boppe it risseljende papierguod, de pinnen dûnsen deroer.

Doe waard Andreas in bondeltsje paperassen yn de hannen troppe en dêrmei knoffele er de doar út.

Sadree't er begûn syn guod byinoar te fandeljen, hold it beevjen wer op. Hy tocht allinne mar: der is in wûnder bard, der is in wûnder bard!

Hy bleau stikem op it húske sitten, oant alle maten fuort wiene. Doe telde er syn jild.

Yn de tram makken de minsken romte foar him. Hy keas it bêste plakje út dat er krije koe. Hy siet foar de yngong oer, njonken him lei syn kruk, dwers oer it middenpaad fan de wagon, as in grinspeal. Allegear seagen se nei Andreas.

Hy sette nei it opfanghûs, dat er koe.